

# Jierferslach 2011

## De Fryske Akademy yn 2011

De Fryske Akademy is in multy-dissiplinêr ynstitút, mei as kearn taak wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, kultuer, skiednis en maatskippij. It inisjearret en docht ûndersyk op it snijflak fan wittenskip en maatskippij. De kasus 'Fryslân' is ynset fan ferge-lykjend ûndersyk. Neist de wittenskiplike taak set de Akademy yn op it generearjen fan sosjaal-kulturele mearwearde yn Fryslân, troch de ynset en belutsenens by wichtige projekten. Sa droech er yn 2011 aktyf by oan de tariedings fan de University Campus Fryslân (UCF), it wetsûntwerp Taalwet Frysk en de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.

### Sosjale Wittenskippen

It *Civil Society Platform to Promote Multilingualism for Intercultural Dialogue* is ynsteld troch de Europeeske Kommissje en hat trije wurkgroepen. De wurkgroep Edukaasje hat Cor van der Meer (projektkoördinator Mercator Kennisintrum) as foarsitter. It platfoarm presintearre it rapport: *Policy Recommendations for the Promotion of Multilingualism in the European Union*. De gearwurking mei de Baskyske oerheid is omreden fan sukses foar fjouwer jier kontinuearre. Yn juny hat de Fryske Akademy, nei it foarbyld fan it Baskyske gearwurkingsprojekt, in gearwurkingsakkoart

sletten mei it regear fan it autonome Yamal-Nenetsk-gebiet yn Sibearje. In ferfolchoerlis smiet in gearwurkingsprogramma op, dat de kommende jierren neier útwurke wurdt.

### Taalkunde

It lêste part fan it 25-dielige *Wurdboek fan de Fryske Taal* <sup>1</sup> ferskynde yn novimber. De grammatisy begûnen mei it Fryske part fan it NWO grut-projekt *Taalportaal*, in online grammatika fan it Nederlânsk en it Frysk foar it ynternasjonale (wittenskiplike) publyk ([www.taalportaal.nl](http://www.taalportaal.nl)). De fakgroep is belutsen by it KNAW e-Humanities-projekt *Tunes and Tales*, dat ûndersyk docht nei automatyske werkenberens fan ferhaalmotiven. De wiidweidige kolleksje Fryske folksferhalen foarmet dêr de basis foar. De Provinsje Fryslân joech subysdzje foar it meitsjen fan trije taaltechnologyprodukten foar de gewoane taalbrûker: in nije staveringshifker, in oersetprogramma en in wurdboekportaal mei de digitale oersetwurdböeken Nederlânsk-Frysk en Frysk-Nederlânsk.



## Skiednis en letterkunde

Op it symposium 'Adelsgeschiedenis der Nederlanden: State of the Art' yn Utrecht waard it boek *Vechten, bidden en verplegen. Twaalf opstellen over de ridderorden in de Noordelijke Nederlanden* <sup>2</sup> fan Hans Mol presintearre. Fierder ferskynde der in bondel artikels oer midsieuske steds-skiednis yn de Nederlannen, ûnder redaksje fan Hanno Brand et al. De publykslêzings lûke noch altiten in protte folk. Der waarden 33 jûn, de measte yn Fryslân, mar ek gâns yn de rest fan Nederlân. De belangstelling foar it Histoarysk Geografysk Ynformaasjesysteem (HISGIS) naam fierder ta. As nij projekt koe HISGIS-Amsterdam <sup>3</sup> taheakke wurde. De website [www.hisgis.nl](http://www.hisgis.nl) waard goed 46.000 kear besocht; dêr sieten 23.390 unike besikers by. HISGIS is ek in populêr ûnderwerp by publykslêzings.

3



De fargroep krige yn 'e mande mei it ING-Huygens it KNAW e-Humanities-project *The Riddle of Literary Quality* takend. Yn dat projekt wurdt de kwaliteit fan moderne Fryske literatuer ûndersocht.

Fierder waard der wurke oan de transkripsje en wertaling fan it 16e-ieuske *Beneficialboek* en it Kamper *Digestus Vetus* (1453-1478).

Mei de takenning fan it Iems-Dollard-Regio-projekt *Memento Mori* binne mei sukses Europeeske middels oanboarre.

## Kongressen, (ynter)nasjonale seminars en symposia

- **28 jannewaris:** symposium 'Watersport in Nederland' <sup>4</sup>. Geschiedenis van een Nederlandse uitvinding', Ljouwert.
- **23 en 24 maart:** Expert Seminar 'Mercator Network of Language Diversity Centres', Boedapest.
- **6-8 april:** Ynternasjonale konferinsje 'Languages of the Wider World: Understanding Resilience and Shift in Regional and Minority Languages', Ljouwert.
- **25-27 maaie:** Expert Seminar 'Cultural Education and Civil Society: How can Languages Contribute?', Ljouwert.
- **16 juny:** Presintaasje útwurking-splan 'Project Turven uit het Oosten', Noardwâlde.
- **4-6 july:** Ynternasjonale conferinsje '13th International Conference on Informatics and Semiotics in Organisations: Problems and possibilities of Computational Humanities. ICISO 2011', Ljouwert.
- **30 septimber en 1 oktober:** Ynternasjonale konferinsje 'The role of legislation in enhancing linguistic diversity: recent developments and trends', Barselona.
- **26 oktober:** lêzingemiddei yn it ramt fan de Moanne fan de Skiednis:

'Ik en wij in Fryslân. Vormen van Friese identiteit door de eeuwen heen', Ljouwert.

- **11 novimber:** symposium 'Alde en nije leksikografy', Ljouwert
- **30 novimber:** symposium 'Erasmus en de Friezen, Friezen en Erasmus', Ljouwert <sup>5</sup>.

## Kearnpublikaasjes

- Björklund, Siv, et al, *Trilingual Primary Education in Europe: Some developments with regard to the provisions of trilingual primary education in minority language communities of the European Union*. Ljouwert: Mercator European Research Centre on Multilingualism and Language Learning.
- Brand, Hanno et al. (eds.). *Stedelijk verleden in veelvoud*. Hilversum: Verloren.
- Dykstra, A., J.H. Halbertsma als *lexicograaf. Studies over het Lexicon Frisicum (1872)*. Proefskrift Universiteit van Amsterdam, Ljouwert: Afûk/Fryske Akademy.
- Mol, Hans (2011). *Vechten, bidden en verplegen. Twaalf opstellen over de ridderorden in de Noordelijke Nederlanden*. Hilversum: Verloren.

>>

### Kolofon

© Fryske Akademy 2012, Ljouwert

Basisfoarmjouwing en opmeitsjen  
Visser en de Graef Communicatie,  
Ljouwert



KONINKLIJKE NEDERLANDSE  
AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

provinsje fryslân  
provincie fryslân



4

6





>> lês hjir fierder

- Tamminga, D.A., (besoarge troch T. Steenmeijer-Wielinga & J. Krol), *Samle fersen*, Ljouwert: Friese Pers Boekerij.
- Versloot, A.P., **6** *De kracht van de herhaling*. Oraasje Universiteit van Amsterdam, 25 febrewaris.
- Vis, J., *Een Friezin vol muziek: Aafke Komter-Kuipers (1876-1943)*, **8** Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk.
- Visser, W. , "Historical gender change in West Frisian." *Morphology*, 27(1), 31-56.
- Zondag, K., *Lange oanrin, koarte sprong. Twatalich ûnderwiis yn Fryslân tusken 1800 en 1980*, Ljouwert: Fryske Akademy/Afûk.

### Websites

De Fryske Akademy hold fiif websites yn de loft:  
www.fryske-akademy.nl

www.hisgis.nl  
www.networkofschools.org  
www.mercator-research.eu  
www.mercator-network.eu  
De website www.fryske-akademy.nl is hielendal fernijd. Mei dat nije ûntwerp is in begjin makke mei in hússtyl dy't foar gruttere werkenberens fan de Fryske Akademy soargje sil.

### Promoasjes

Op 30 juny promovearre Anne Dykstra **7** op *J.H. Halbertsma als lexicograaf. Studies over het Lexicon Frisicum (1872)* oan de Universiteit van Amsterdam. Der rinne noch seis ayû-projekten, allegearre ekstern finansierd en yn goed oparbeidzjen mei de universiteiten fan Leien, Amsterdam en Grins. Fierder binne yn it ramt fan de UCF fjouwer nije ayû-projekten taret. De seis rinnende ayû-projekten binne: *Mear taal, mear kâns: in Papiamintsk-Nederlânsk taalúntwikkelingsprojekt* - Nienke Boomsma

*De twatalige taalúntjouwing fan it jonge Fryske bern - Jelske Dijkstra Skieringers en Fetkeapers: Fetemaatskippij yn Fryslân* – Matthijs Gerrits  
*De Ingelske taalúntjouwing fan Fryske en Baskyske jongfolwoeksenen* - Mirjam Günther-van der Meij  
*Kommunikative feardichheden fan de Fryske basisskoallearlingen* - Marrit Jansma  
*Croniken van der Duytscher Oirden* - Rompert Stapel

### Leden

De Fryske Akademy beneamde acht nije leden: dr. Dirk Jan Henstra (Noardlaren), dr. Joke Corporaal (Grins) en dr. Alpita de Jong (Leiden) waarden beneamd op grûn fan fertsjinsten op it mêd fan de wittenskip; Jan Arendz (Wytgaard), Lútsen Bakker (Den Haach) en Steven de Jong (Hartwert) op grûn fan fertsjinsten foar de Fryske kultuer, en Griet Nijenhuis-van der Wal en drs. Hans Bronneman op grûn fan oanduorjende niget foar de Fryske wittenskip en kultuer **9**.

### Wurkgroepen en wurkferbannen

De folgjende wurkgroepen en wurkferbannen wiene aktyf: Wurkgroep Akademylêzings, Musikologyske Wurkgroep, Fryske Rie foar Heraldyk, Genealogysk Wurkferbân, Argeologysk Wurkferbân, Biologysk Wurkferbân, Wurkgroep Maritime Skiednis en it Taalkundich Wurkferbân. Sy organisearren ûnder oaren lêzings, konserten en symposia en fersoargen publikaasjes. Sa brocht de Musikologyske Wurkgroep de stúdzje oer Aafke Komter-Kuipers ta stân: *Een Friezin vol muziek. Aafke Komter-Kuipers (1876-1943)*. It Genealogysk Wurkferbân soarge foar it *Genealogysk Jierboek 2011*.

### Bedriuwsfiering

De Fryske Akademy wurke mei oan de *financial health check* dy't de Provinsje Fryslân inisjearre hie, en dêr't de neiklap fan de krisis fan 2004 en de effekten fan it Masterplan 2007-2012 yn trochberekene waarden.



7



8



9

Eksploitaasjerekken	Realisaasje 2011	Begrutting 2011
Totale baten	€ 4.356.178	€ 3.687.851
Totale lêsten	€ 4.192.786	€ 3.602.854
<b>Eksploitaasjesaldo</b>	<b>€ 163.392</b>	<b>€ 84.997</b>



5



Dêr kaam út nei foaren dat de Fryske Akademy finansjeel wer op oarder is. Der moat lykwols noch al it nedige barre om it wersteltrajekt fan it Masterplan mei sukses foltôgje te kinnen. Finansjeel is der minder romte as men wolle soe om de doelstellingen fan it *Strategysk Beliedsplan 2010-2014* realisearje te kinnen, benammen op personiësmêd. De fakatueres Fryske letterkunde en Taalsosjology kinne dêrom ynearsten net ynfolle wurde.

### Personiel en organisaasje

De Fryske Akademy hie begjin 2011 63 (48,47 fte) meiwurkers yn tsjinst. Oan de ein fan it jier wiene dat 59 (46,34 fte): 22 (18,82 fte) wittenskippers, 6 (4,9 fte) promovendy, 14 (9,23 fte) ûndersyksstypjende meiwurkers en 17 (13,38 fte) meiwurkers

fan de Algemeine Saken. By de Fryske Akademy wurken 31(26,27 fte) manlju en 28 (20,07 fte) froulju. De ynstelling bea in staazjeplak oan 2 mbû-learlingen, 2 hbû-studinten en 2 wû-studinten.

### Leeftydsopbouw meiwurkers:

1 (0,8 fte)	< 25 jier
13 (10,7 fte)	26-35 jier
10 (7,6 fte)	36-45 jier
17 (13,5 fte)	46-55 jier
18 (13,7 fte)	56-65 jier
0 (0 fte)	> 65 jier

### Húsfêsting

De subsidiïnten, KNAW en Provinsje Fryslân, ha beide 2,3 miljoen euro tasein foar de húsfêsting. Dêrmei komt de realisearring fan it Húsfêstingsplan yn sicht, as lêste grutte part fan it wersteltrajekt út it *Masterplan 2007-2012*. De tariedende wurksumheden sette stadich mar wis troch.

### Njonkenfunksjes Ried fan Tafersjoch en direkteur-bestjoerder

De Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy bestie yn 2011 út:

- Marten Koopmans (1939, foarsitter), ek lid Deistich Bestjoer Skoalle Lyndensteijn, foarsitter Ried fan Tafersjoch Stichting Limor, foarsitter Noardlike Advysried Plysje en lid Ried fan Offurdiging Omrop Fryslân;
- Prof. Dr. Eric Reuland (1944, lid), ek fakulteitsheechlearaar Taal en Kognysje oan de Universiteit Utrecht en lid wittenskiplike ried Utrecht Institute of Linguistics OTS;
- Drs. Folkert van der Meulen (1956, lid), ek wurksum by NOM as manager stichting NPAL en sekretaris

- Stichting Nasjonaal T&U Platfoarm;
- Drs. Hans Bronneman (1946, lid), ek vice-foarsitter fan it bestjoer fan Stichting Ynterakademiale Oplieding Organisaasjekunde, Ynteruniversitêr Sintrum foar Organisaasje- en Feroarkunde;
- Mr. Douwe de Vries (1942, lid), ek bestjoersfoarsitter Ottema-Kingma Stichting.

Yn de simmer naam drs. Hans Bronneman ôfskied; hy wie oan de ein fan syn termyn as lid fan de Ried kaam.

Direkteur-bestjoerder:

- Prof. dr. Reinier Salverda (1948)
- Honorary Professor of Dutch language and literature oan University College London;
- lid Kuratoarium Nordfriisk Institut;
- deputy editor jierboek *The Low Countries*, Stichting Ons Erfdeel;
- ûnôfhinklik lid Nederlânsk UNESCO-komitee *Memory of the World*;
- lid Wittenskiplike Advysried Waadakademy;
- lid Klankboerdgroep *Nieuwe Encyclopedie fan Fryslân*;
- foarsitter stifting *De Moanne*;
- bestjoerslid Ritske Boelema Gasthuis.

